

## Foaropwurd

De ferneamde skriuwer Remco Campert hat ris sein, oer hoe't hy de jierren fyftich meimakke hat: 'je stampste twee keer met je voeten op de vloer en er was feest.' By it lêzen fan *Friezen yn 'e Frjemdte* hie ik dêr in fariant op: Set twa Friezen earne op 'e wrâld byinoar en hast in Fryske krite!

De úttocht fan Friezen oer de wrâld - dat is in tema dat oan ús provinsje hinget. Om ekonomyske redenen binne Friezen útflein nei alle hoeken fan 'e wrâld. Friezen, dy't der in soad nocht oan hawwe om efkes Frysk te praten wannear't hja inoar moetsje. Dy't om dy reden selskippen oprjochte hawwe, mei nammen as 'Fier fan hûs' of 'Selskip Friso' dêr't foardrachten oer Fryske ûnderwerpen holden waarden, mei wat Fryske iterij en drinken derby. It heitelân, dat lûkt oan elkenien yn 'e frjemdte.

It is lykwols net inkeld nostalgia. Soksoarte fan selskippen en kontakten wiene, en binne, ek wichtich wannear't je in nij plak feroverje moatte yn in oar lân of kontinint. Kinst tips meikrije en nammen en tillefoannûmers dy't wichtich binne wannear'tst wurk sikest. Mar ek om efkes wat mei te jaan foar de húshâlding yn it eigen âlde wenplak, oan immen dy't op besite is of dy't tydlik weromgiet.

Fryslân en emigraasje - it is in ferhaal mei in lange histoarje. Tsjintwurdich wurdt it fenomeen ek wol 'brain drain' neamd. Minsken dy't foar in goede oplieding de provinsje ferlitte, komme de earste jierren dêrnei net mear werom, om't der gjin wurk foar harren is. Somtiden komme hja dan letter wol nei Fryslân werom. Om dy 'brain drain' te kearen, stipet de provinsje de University Campus Fryslân. In inisjatyf om op 'e nij universitêr ûnderwiis yn Fryslân te krijen. Net yn de foarm fan in universiteit, lykas eartiids yn Frjentsjer it gefal wie, mar yn in nije foarm, in soarte fan netwurkorganisaasje fan hegeskoallen yn Fryslân en universiteiten yn Hollân. Mei de Waadakademy slagget ús dat al goed en nei alle gedachten kinne wy op dy wize ek mear wittenskiplike opliedings en ûndersyksaktiviteiten op it mêd fan wetter(technology) hjir hinne helje.

De University Campus stiet net yn 'e wei dat de provinsje mear dwaan wol mei it fenomeen dat Friezen oer de hiele wrâld in soad foarinoar betsjutte kinne. By de organisaasje Fryslân Ferbynt kinne jo jo oanmelde om kontakt mei-inoar op te nimmen. Yn 2012 wol Fryslân Ferbynt in soarte fan twadde Simmer 2000 organisearje, it moaie feest dat wy doedestiids hienen foar alle Friezen om utens. Wat wie dat unyk!

Sa bliuwe wy warber, al is it yn in modernere fariant. Want Friezen dat wienen wy, dat binne wy en dat bliuwe wy.

Jannewietske de Vries  
Deputearre provinsje Fryslân